

Alle nûmers fan de Oesdrip in ynterview mei in skriuwer. Dit kear Simen de Jong dy't ûnder syn Fryske skriuwersnamme Simen Oetie it boek "It libben in dream" by de útjouwerij Elikser útjoech yn septimber. Net sa lang lyn (maart 2010) brocht er al in oar boek út, mei Klaas Rusticus, it boek TWEE.

Ik moast "It libben in dream" al lêze as ik him ynterviewe woe. Dat ik bestelle it boek by de útjouwer en twa dagen letter lei it al yn de brievebus. It omkaft fan it boek is as in skilderij fan Rene Margritte: in wite muorre, in wite treppens by de muorre giet op nei in wite doar. Efter de doar in lânskip, wolken en in luchtballon dêr boppe. It tekenet de titel mar faaks ek wol mear fan de "roman yn ferhalen". De haad persoan is Romke, net de ik-persoan yn alle ferhalen, mar wol it middelpunt. Romkes jeugd is yn Fryslân, mar nei syn jeugd leit de hiele wrâld oan syn fuotten. Amsterdam, reizgje troch Ruslân, Sibearje, Kolombia, Kopenhagen, Midden Amearika, hasj, frije leafde, anargystyk libje. Dat is de dream fan it boek. Romke docht aardich mei yn dy wrâld mar it bliuwt in dreamwrâld foar him; alles bliuwt op in ôfstân, dy wrâld is de luchtballon op it omkaft en Romke bliuwt oan de feilige kant fan de doar. Syn echte libben binne de ljippen, de skriezen en syn jeugd. De leafde -de froulju binne o sa oanwêzend mei de nedige eroatyske lading- hy lit it ta, hast sûnder passy. Syn grutte loyaliteit giet út nei syn maten, passyfolle swalkers op skippen, dy't faaks syn foarbyld binne. De wrakseling tusken de nofteren Romke en de dûnsjende wrâld dert er yn libbet jout in tige nijsgjirrige lading oan it boek, dat ik der troch yn ien slach útlies. De wrâld fan Romke en fan Simen de Jong wie dy fan harren dy't jutsjes âlder binne as ik. De hippietiid, de frije leafde dat wie al hast foarby doe't de ferlokkingen my oan begûnen te sprekken. Sa't de Romkes libben dat wie al in dream foar myn generaasje.

SO (Interviewer): Dyn skriuwersnamme, wolst dêr wat oer sizze?

SdJ: Oetie? Us mem sette my faak yn it hobbelynder foar ús húske yn Wânswert, hie hja mear tiid foar myn broerke en súske (ik bin de âldste fan acht). Kamen der lju lâns dy't my groeten mei 'Ha, dy Simen!' soks sawat en dan sei ik altyd: 'Simen? Nee, ikke Oetie,' en wiisde my op it boarst. As ik yn it Hollânsk skriuwer is it gewoan Simen de Jong, mar yn it Frysk bin ik tichter by mysels en is it wer Oetie, back to the roots. Fansels kenne we fan Griekenlân en omkriten deselde namme foar in prachtich snaarynstrumint, dy jout waarme klanken en kidelt it hert yn my.

SO: Ik hie in boek ferwachte mei it téma heit. Op de efterside fan it boek stiet oanjûn dat de skriuwer pas begûn mei skriuwen nei de dea fan syn heit (Skriuwer/journalist E.S. de Jong). Om dy reden ferwachte ik in protte psychology oer de heit, mar útsein dat it boek is opdroegen oan dyn heit en dat de haadpersoan hyt nei de boeken fan dyn heit) spilet de heit eins gjin rôle. Dochs is it stjerren fan dyn heit in kearpunt west foar dyn skriuwen, siz mar foar dyn libben. Kloppet dat?

SdJ: Ja, yn de tiid en mei de emoasjes. Ik fûn in manuskript fan him en haw dat brûkt foar De lêste halte, de roman dy't útjûn is by de KFFB. Yn dat boek giet it oer him, syn heimnisfolle leafdes, en syn broer dy't benei ombrocht waard. Ik stean yn it skaad fan ús heit. Hoe koe dy man skriuwe! Ik lies him doe wer as Welmoed Hemrica. Sa spitich dat hy net mear omtinken krijt, in krigel held! Guon fan syn berneboeken gongen oer Romke, dat haw ik trochsetten. Hy gnysket!

SO: Romke sit yn de merkemûne fan de hippietiid en dochs belibbet er it mei wat ôfstân, al seach hy nei de oaren dy't yn dy mûne meidraaie. Is dat hoest no werom sjochst nei dy tiid, makkest dy der sa fan los of hiest dy posysje doe ek? Of is it allegear fiksje.

SdJ: It is autofiksje, seit de útjouwer. It measte haw ik sa meimakke, mar ik hie gjin deiboek en moast werom yn de tiid foar de ferhalen, ik rin der fan oer en se blike noch altyd aktueel. It is krekt jern yn in kleaune, jo lûke der ferhaallinen út, de ûnderfinings krije betsjutting foar leafhawwers en kunde, ik krij der fuotten fan en kin wer fierder my it libben. Ik meitsje my net los fan dy tiid. Krekt oarsom. Dy tiid hat my foarme en my frijmakke fan in swiere dissipline fan goaden en pommeranten. Net mear meidraaie yn in mûne mar dwirrelje yn in wyn fan frijhyt. Alles koe. Hearlik! Sels ferantwurdlik. No meie sels poddestuollen net mear, poer natoer! Mar do hast gelyk. Ik wie in Tjil Uilenspiegel en lake om wat ik seach en die. Mei ôfstân is it makliker belutsen te wêzen en te bliuwen. Noch altiten haw ik freonen út dy tiid. Wy misse no rebelske anargy en de soarch foar frjemden.

SO: Útjouwerij Elikser, dat is printing on demand, mar ik hie no wol it idee dat it boek al lang printe wie, sa gau lei it by my yn de bus. Is it oars foar in skriuwer om by Elikser in boek út te jaan as by in oare útjouwer?

SdJ: Ja, dat is oars. By Elikser betelje jo mei oan de útjefte. 1500 €, dat is yn myn gefal twa jier pensjoen. Dus: net mear bûten de doar ite, fakânsjes minder, mear op 'e fyts. Sjoch it as in

passy of in partikuliere bydrage oan de Fryske kultuer, hoe ek, mar Elikser foldocht. It giet fluch en betrouber, mei stipe en in grut entûsjasme. De boeken kinste ek gewoan by de boekhannel krije hear. De bêste ûnderfining haw ik mei de KFFB. Do krijst der jild op ta, in protte lêzers, in geweldige begelieding en in hurd kaft om it boek. Mar net alles wat ik skriuw is dêr geskikt. De Friese Pers Boekerij wol myn manuskripten net iens lêze; hja beheine harren ta lokale skiednis en trillers (sei Abe de Vries my). Hasto it ea sa sâlt iten? Bornmeer hat TWEE oanbean krigen mar retoernearre. Dat sil harren no wol spite. Elikser hapte daliks ta en dat tsjûget fan kwaliteit. SO: Yn maart it boek TWEE, yn septimber "It libben in dream", ast yn dit tempo troch skriuwst sjogge we yn maart wer in boek? Oan de oare kant, guon fan de ferhalen hawwe yn de Moanne en Hjir/Ensafh publisearre stean en de sprieding yn ferskiningsdata jout oan dat it wol in proses fan jierren is, it skriuwen fan dit boek. De fraach: bist al wer dwaande mei in nij boek.

SdJ: Yn 'e holle. Sa wol ik oer de dochters fan Alma Tadema skriuwe en oer himsels. En ek wer oer de 60- en 70er jierren en Romkes reis-en leafdesaventoeren. It fereale libben dus. Op dit stuit doch ik foarwurk, sil ik nei Yndia en gebeurt der noch fan alles op it deistige mêd. Ik sit mei de fraach oft it net better is en skriuw mear yn it Hollânsk. Dat wurdt my frege, ik hoech dan net troch it soer fan Fryske kultuerpommeranten. It gemis oan grutskens en moed om jinsels te wêzen uteret him yn kontakten mei net-friezen yn in ferlies fan taaleigen. Frjemden krije hast gjin kâns om de taal te learen. Frysktaligen geane faak fuortendaliks oer yn it Hollânsk of oare taal. Dan hâldst de nije ynstream bûten de doar en kwynt de gastfrijens. Nei Fryske boeken wurdt dan net mear frege. Grut ferlies. Skriuwers hawwe it hjir muoilik. Ik stjoer ferhalen nei de Moanne bygelyks en moat dan langer as in jier wachtsje op in antwurd. By Ensafh giet it better mar nimt it ek tiid. De provinsje soe profesjonele betingsten garandearje kinne mei betelle personiel. De pommeranten betinke grutte en djoere aksjes foar letter yn de tiid, mar it wurk is tichteby om 'e hoeke. No hinget it wrâldsje fan frijwilligers oan inoar, moai, mar net fol te hâlden.